

Zaterdag 4 april 2015

De tiid foarby

Hallo Afke en alle oare meiwurkers oan dizze produksje.

Ôfrûne freedtejûn hawwe wy yn de boppeseal fan "Café de Fantast" yn Jirnsum dit besjoen.

It hjit amateur toaniel, mar wat wij dêr sjoen hawwe, dêr kin eltse profesjonele toanielgroep jaloersk op wêze, Wat in klasse toaniel spilers / spylsters, geweldige trochlibbende rol behearsking, jimme holden ús fan begjin oan ein yn de besnijing en op it puntsje fan de stoel.

Geweldige emoasjes mar ek sa no en dan wat humor, alles kaam foarby.

Dat der nei it earste bedriuw net klapt wurde, is de fertsjinste fan jimme sels, sa sieten wij yn it ferhaal, der hearde gjin applaus bij op dat momint.

Ik hoopje dat jimme op snein 12 april noch sa'n geweldige leste foarstelling jaan inne yn it lytse tsjerkje yn Nijbeets.

Nochris tige tank foar dizze geweldige toaniel erfaring.

Mei freonlike groetnis,

Anne en Femia Terpstra